

BESTJOEREN EN MEIWURK(ST)ERS**SELSKIP "FRYSLÂN" TE UTERT**

Foarsitter	Pietie Westdijk-Kaastra, Het Spoor 20, 3994 AK Houten til. 030 - 2318 224 (pcwestdijk@planet.nl)
Skriuwer en Redaksje Kritekoer	Jan Piet Bergmans, Langeweg 75, 4133 AT Vianen til. 0347-320093 (j.p.bergmans@casema.nl)
Ponghâlder en lede-administraasje	Yme Fopma, Meerenburgerhorn 6, 3401 CD IJsselstein til. 030 - 6881921 (yme@fopma.eu); Bank: NL05INGB0000194027 o.n.f. Ponghâlder Krite Selskip Fryslân
Bestjoerslid en Boekferkeap	Jan Roelants, Joke Smitplein 16, 3581 PZ Utrecht til. 030 - 2010118 (jhw.roelants@online.nl)
Bestjoerslid	Harke Hofman, Elzenstraat 3, 4131 AK Vianen, til. 0347-377703 (harkemarga@gmail.com)
Bestjoerslid	Richtje de Jong, Paardenbloemweide 37, 3448 TL Woerden, til. 0348- 460 590 (richtjetolsma.67@gmail.com)
Aldereinsaken	Frou J. Wielinga, Japuradreef 26, 3563 ED Utrecht, til. 030-261 7816

SELSKIP "MEI INOAR" TE SEIST

Foarsitter	fakatuere
Skriuwer/Lede-administraasje en Redaksje Kritekoer	Ida Knobbe, Pr. Bernhardstr.24, 3981 BN Bunnik, til. 030-6562555 (iknobbe@hccnet.nl)
Ponghâlder	Nieske Schurer, Saturnuslaan 6, 3721 SG Bilthoven, til. 030-2251447 (nschurer@casema.nl); Bank: NL75INGB0003486499 o.n.f. SELSKIP MEI INOAR
Algemien Adjunkt / 2de skriuwer	Klaske van Hoeij-de Boer, Kievitstr. 11, 3443 BD Woerden, til. 0348-410039 (kvanhoeij@gmail.com)
Bestjoerslid	Trieneke Vos, Willem Pijperlaan 18, 3702 AM Zeist til. 030-6916081 (tvos51@kpnmail.nl)
Sosjale Kommisje	Boukje Andringa-Brattinga, Maartensplein 65, 3738 GN Maartensdijk, til. 0346-216240 (boukjeandringa@kpnmail.nl); Trieneke Vos, Willem Pijperlaan 18, 3702 AM Zeist til. 030-6916081 (tvos51@kpnmail.nl)

Foar beide Kritten

Einredaksje	Ida Knobbe-Kramer, Prins Bernhardstraat 24, 3981 BN Bunnik, til. 030-6562555 (iknobbe@hccnet.nl)
Ferstjoeren Kritekoer	Yme Fopma, Meerenburgerhorn 6, 3401 CD IJsselstein til.030-6881921. Giro 37 69 436, o.n.f. Adm. Kritekoer

DE KRITIKOER

Selskip Fryslân te Utert
Selskip "Mei Inoar" te Seist

Jiergong 61 nr. 4
Septimber 2016
(hjerstmoanne)

Ynhâld

- Wat sit der yn 'e koer

Selskip Fryslân

- Fan de foarsitter
- Krite Fryslân bestiet 115 jier
- Opjefte foar it buffet
- Ynfo oer Duo Myla
- Kloatsjitte
- Moetings– en ynspiraasjeden yn Hurderwyk
- Gedicht 'Hja en wy'
- Krantartikel oer de ferlerne bibel fan Britsum

Selskip "Mei Inoar"

- Stikken foar de ALG
- "Iepenloftspul te Jorwert" fan Klaske van Hoeij
- Jierdagen

Redaksje

- Jan Piet Bergmans
- Ida Knobbe

It nije kritejier kundiget har oan.

De bestjoeren fan beide kritten hawwe harren bêst dien om wer in moai programma gear te stellen. Jimme fine alle ynformaasje yn dizze koer.

It is in bysûnder jier foar Krite Fryslân.

De krite is op 24 jannewaris 1901 oprjochte. Dat betsjut dat se no in leeftiid fan 115 jier hat. It bestjoer wol hjir oandacht oan besteegje. It nije kritejier wurdt begûn mei in feestlike jûn. Feestlik mei lekker iten en drinken en in noflik stikje muzyk.

De jûn is foar de leden fan Utert, mar ek de leden fan krite Seist binne wolkom.

Yn dizze kritekoer fine jo alle details.

Krite Seist begjint it kritejier mei har Algemiene Lede-gearkomste. Nei sa'n trije kertier is de seal foar ferhaleferteller en skipper Age Veldboom.

Leden fan bûtenkritten binne om 20.15 oere hinne ek fan herte wolkom.

Mear dêroer op de middenside.

Dan is der fansels ek oandacht foar oare aktiviteiten, te witten:

- it kloatsjitten op 8 oktober en

- de meetings– en ynspiraasjeden op 22 oktober.

Lês alles mar ris rêstich troch.

Jan Piet Bergmans

Slutingsdatum ynleverjen kopij: 22 oktober 2016

Selskip Fryslân te Utert

- Sneon 8 oktober 2016: Ta gelegenheid fan it 115-jierrich bestean fan de krite: waarm miel yn De Bijkershoek, muzyk duo Myla
- Freed 25 novimber 2016: Lêzing oer de Fryske Nassau's mei bylden troch ús lid J.van der Werf (Bijkershoek)
- Sneon 7 jannewaris 2017: Nijjiersbesite
- Freed 10 febrewaris 2017: Toanielgroep 'Boadegraven' spilet har nij stik foar de krite Utert en Seist (Marcuscentrum, Utert)
- Sneon 18 maart 2017: Streekferienings Utert
- Sneon 1 april 2017: Mienskiplike jûn Utert/Seist: kabaret troch "Noordenbos en Ko" (lokaasje Seist)

Selskip "Mei Inoar" te Seist

- Sneon 15 oktober 2016: 19.30 oere: Algemiene Ledegearkomste; om 20.30 oere hinne (ek tagonglik foar net-leden) fertelt Age Veldboom oer de skûtsjes fan eartiids en no.
- Sneon 26 novimber 2016: Toanielgroep 'De lytse Komeedzje' út Drachten mei it stik 'Allegear Komeedzje'
- Sneon 14 jannewaris 2017: Nijjiersbesite, mei in nijsgjirrich optreden fan Ruurd Walinga
- Freed 10 febrewaris 2017: Toanielgroep 'Boadegraven' spilet har nij stik foar de krite Utert en Seist (Marcuscentrum, Utert) (opsjoneel: dvd Rolling Home)
- Sneon 4 maart 2017: Mienskiplike jûn Utert/Seist: kabaret troch "Noordenbos en Ko" (lokaasje Seist)
- Sneon 1 april 2017: Mienskiplike jûn Utert/Seist: kabaret troch "Noordenbos en Ko" (lokaasje Seist)

- Kloatsjitte op 8 oktober - sjoch op side 4
- Moetings- en ynspiraasjedei op 22 oktober - sjoch op siden 5 en 6

Programma's ûnder foarbehâld.**Redaksje-adressen:**

Selskip Fryslân: Jan Piet Bergmans
Adres: sjoch lêste side
Email: j.p.bergmans@casema.nl

Selskip "Mei Inoar": Ida Knobbe
Adres: sjoch lêste side
Email: iknobbe@hccnet.nl

Webstek fan it Boun: www.fryskbutenfryslan.frl

Iepenloftspul te Jorwert

Op sneon 27 augustus haw ik mei myn jongste dochter Froukje nei it iepenloftspul te Jorwert west. Wy hienen folle gelok, want om sân oere luts der noch in swiere tongerbui oer Jorwert. Mar om healwei achten wie it al wer droech en dat bleau sa oan't de foarstelling foarby wie. Om tolve oere kaam de twadde swiere tongerbui oer, mar doe wienen wy al hast wer thús.

It wie in tige nijsgjirrige, spannende foarstelling. Yn 1968 stie yn it hert fan London in grutte Ford fabryk, mei tûzenen manlike arbeiders, en mar 187 froulju, dy't de hoezen foar de auto-stuollen naaiden. De froulju krigen folle minder betelle as de manlju en besletten úteinlik om te staken.

Rita O'Grady waard ta wurdfierster beneamd. De froulju hienen boppedat ek de wurknimsters fan it fabryk yn Liverpool safier krigen dat sy ek staakten. Nei in pear wiken leinen beide fabriken stil om't der gjin stuolhoezen mear wienen foar de nije auto's.

Wy seagen de striid fan de froulju tsjin de direksje fan Ford Ingelân en Ford Amearika. Ek de froulike minister fan Arbeid bemuoide har der mei, mar de froulju setten troch. Nei in pear moannen hienen hja de striid wûn, want doe waard mei foarrang de *Wet gelikense behanneling* fan manlju en froulju ynfierd en krigen hja itselde lean as de manlju, earst yn Ingelân en letter yn alle Fordfabriken.

De inderlike striid fan Rita (folhâlde of opjaan) en har man Eddy (stypje of ôffalle) waard treflik útbylde trochdat der twa Rita's en twa Eddy's op it toaniel omrûnen, dy't mei inoar diskusjearren. Bysûnder wie dat de measte akteurs wol trije ferskillende figueren útbylden.

It wie in memorabele jûn oer in tige aktueel tema, want ek hjoed de dei fertsjinje froulju yn Nederlân noch altyd yn trochsneed sa'n 15% minder as manlju foar itselde wurk.

Klaske van Hoeij

Wy lokwinskje ûndersteande 75+-leden mei harren jierdei !

Frou D.Osinga, Bunnik	20.09	Frou A.Roosendaal, Bilthoven	27.11
Frou M.Overmaat, Leersum	01.10	Frou M.Plokkaar, Driebergen	05.12
Frou M.Sybesma, Driebergen	02.10		
Dhr. M.Amersfoort, Bunnik	04.10		
Frou N.de Jong, Seist	10.10		
Dhr.R.Veenstra, Seist	16.10		
Dhr. J.Plokkaar, Driebergen	19.10		
Frou F.Overvest, Doorn	29.10		
Frou A.Athmer, De Bilt	07.11		
Dhr. D.Hellinga, Soest	10.11		
Dhr. W.Oosterman, De Bilt	25.11		



fan Ida Knobbe foar Seist en Jan Piet Bergmans foar Utert. Ida Knobbe hat de einredaksje. De administraasje en it ferstjoeren waard wer betûft fersoarge troch Yme en Boatsje Fopma fan de krite Utert.

Fryske les

De Leargong A-groep (6 persoanen) ûnder begelieding fan Ida Knobbe kaam yn it winterskoft sân kear by inoar. It doel is om it learde op peil te hâlden. It binne gesellige en learsume jûnen, dêr't de nije stavering ek net mijd wurdt.

Lêsklup

Nora Koren is de driuwende krêft fan de lêsklup dy't fjouwer kear yn it jier gearkomt om in boek te besprekken. De leden ûnderfine it as in grut foardiel dat der op dizze wize boeken lêzen wurde dêr't oars miskien net oan tocht wie.

Sosjale saken

Boukje Andringa en Trieneke Vos besykje de âldere leden yn harren omjouwing. Foar de sosjale kontakten op oare wenplakken kinne ynskeakele wurde: Maaïke Overmaat, Leersum; Fam.Koopmans, Wijk bij Duurstede; Jantina Visser, Driebergen; Janke Amersfoort, Bunnik. Trieneke Vos ferstjoert de jierdeikaarten oan dy leden dy't 75 jier en âlder binne (op kroanjierrren in kaart en nei 90 alle jierren).

Gearwurking mei oare Kritten en it Frysk Boun om Utens

Krekt as alle jierren waard ek dit jier wer oparbeide mei de Krite fan Utert oangeande de mienskiplike Kritejûn en de Kritekoer. Twa kear it jier komme de kritten by elkoar om it riden en farren te bepraten.

Ien kear yn it jier (foar 2016: 15 maart) is der in gearkomste fan de kritten fan it Diel Midslân fan it Boun om Utens (Seist, Utert, Hilversum, Lelystêd, Hurderwyk), dêr't de saken fan de kritten en fan it Boun bepraat wurde. Ien kear yn 't jier is der de Algemeine Ledegearkomste (ALG) fan it Boun. De gearkomsten wurde meast holden by in krite dy't in jubileum fiert. Op sneon 9 april 2016 wienen de oansletten kritten te gast by de krite 'Troch de Tael Forboun' te Hoarn. Nei de gearkomste wie der de mooglikheid om diel te nimmen oan in bôlemiel en de jûns wie der de premjêre fan 'Ferbining', in optreden fan Kabaret-selskip Noordenbos & Ko, út Ferwert.

Bouns website

Sûnt 2010 kin de webside fan ús krite rieplachte wurde op de webside fan it Frysk Boun, www.fryskbutenfryslan.frl – (trochklikke nei kritten). De ynhâld bestiet út in koarte yntroduksje fan ús krite en wat ús krite beëaget, it programma fan it kritejier en de n.a.w.-gegevens (namme, adres, wenplak) fan de bestjoersleden.

Ida Knobbe-Kramer
Augustus 2016

Erratum yn de advertinsje fan De Stugge Fries op it omkaft: oanwêzich: net mear yn Hilversum; alle freedts yn Amersfoort; om 'e oare wike de sneons (ûneven wike) op de Buurtmarkt yn Soest-Zuid.

Fan de foarsitter

Prachtich simmerwaar ein augustus. Wat in kadoke net? Ik hoopje dat elkenien der fan genietsje koe. De skoalfakânsjes binne wer efter de rêch, de bernsbarn binne al wer in wike nei skoalle. Se hienen der dochs wol wer nocht oan om elkoar wer te sjen. Ek nije masters, foar de jongsten dan. De beide âldere bernsbarn, 18 en hast 15, woenen noch wol in skoftsje thús bliuwe. Ferskil moat der wêze op dy leeftiden! Mar hawar, it is hast septimber en dan moat der wer in Kritekoer komme om al het nijs yn te setten, sadat jim jimme op tiid opjaan kinne. Op 8 oktober hoopje wy ommers it 115 jierich bestean fan ús krite te fieren. Wy dogge dat yn it restaurant fan de Bijnkershoeke, mei in smaaklik buffet, muzyk en wat der fierder noch barre sil. Der komme gjin bewenners, de seal is hielendal foar ús. It wurdt in Hollânsk buffet mei smaaklike en ferskate pantsjes mei lekker iten! Alles is ynbe-grepen, ek in drankje en de kofje. Mar se moatte dêr al witte foar hoevolle minsken se itensiede moatte. Dêrom: opjaan foar 22 septimber, troch € 12,50 oer te meitsjen op ús rekken. Fierderop stiet mear ynformaasje. As der leden fan Seist komme wolle om dizze jûn mei te belibjen: tige wolkom. Ek foar jim jildt deselde priis en

de datum fan opjaan!


Dan de jun op 25 novimber. Dan komt ús lid dhr. J. van der Werf mei in lêzing mei bylden oer de Fryske Nassau's. Dizze nijsgjirrige jûn is ek yn de Bijnkershoeke, mar dan yn de lytsere seal, dêr 't wy ek mei de nijjiersbesite wienen.

Der is noch in wiziging yn it programma, te witten de lokaasje fan ús mienskiplike jûn mei Seist. De spilers fan 'Noordenbos en Ko' moatte harren nochal faak ferklaaie en yn it Marcussintrum is de klaaiekeamer wat te fier fuort. Derom is it optreden fan 'Noordenbos en Ko' op 1 april yn Seist.

De toanieljûn fan febrewaris yn it Marcussintrum is no op freed de 10e, ynsteed fan op sneon de 11e. De sneons koe wol, mar dan wurdt de priis fan de seal foar ús te heech.

Dit alles komt noch kreas yn de oankundigingen te stean, mar dan is elk alfêst op 'e hichte en kin it yn it bûsboekje sette! Ik winskje elkenien noch in moaie septimbermoanne ta en ik hoopje jimme te begroetsjen op ús earste kritejûn op 8 oktober o.s.

Jim foarsitter,
Pietie Westdijk-Kaasta



Opjaan foar it buffet ta gelegenheid fan ús 115-jierrich bestean

It bestjoer wol der efkes by stilstean dat de krite yn 2016 115 jier bestiet. Dêrom wurdt der in kritejûn mei buffet organisearre. De keuken fan **De Bijnkershoek** fersoarget dit. Op de nijjiersbesite ha wy al priuwe kinnen dat dit yn oarder is. De kosten binne € 12,50.

Foar de organisaasje fan it buffet is it nedich dat wy witte hoefolle gasten wy ferwachtsje kinne.

It bedrach fan € 12,50 graach **foar 22 septimber 2016** oermeitsje nei NL05INGB0000194027 o.n.f. Ponghâlder krite Selskip Fryslân.
Oermeitsje is oanmelde.

Ynformaasje oer it duo MYLA (kritejûn 8 oktober 2016)

It duo 'Myla' bestiet út in akkordeoniste en in harmoanikaspiler. De lêste spilet boppedat noch op 'e trompet en de blokfluit. Ek sang en foardracht hearre by de mooglikheden. Dêrtroch is it duo by steat in protte ôfwikseling te bringen. It publyk wurdt der sa no en dan ek yn behelle om mei te sjongen. Dêrfoar binne mappen mei bekende lieten beskikber. It programma is foar fierwei it grutste part Frysk, mar ek wurde der muzikale útstapkes nei it bûtenlân dien. 'Myla' wol jo graach in gesellige en ûntspande jûn besoargje, mei in op de tahearders ôfstimd programma.



Op **sneon 8 oktober 2016** wer noflik op paad mei leden fan de streekferienings yn de Ridderoordse bosk te Bilthoven, op it troch de Grinslanners organisearre kloatsjit-evenemint. It is de bedoeling de kloat sa fier mooglik fuort te smiten, mar fansels wol fia de wenstige rute!

De kosten binne € 2,50 de man en kin op it sammelpak betelle wurde.

Rûte: A 27 rjochting Hilversum, ôfslach nr. 32 Bilthoven - N 234. By

it earste ferkearsljocht linksom (Gezichtslaan), nei 75 meter is rjochts op it parkearterrein it sammelpunt. Dielnimmers moatte om 13.00 oere oanwêzich wêze.

Foar 1 oktober opjaan by Geert Jan Dussel, 030 87 83 990 / 06 3375 3113;

email: gj.dussel@ziggo.nl

JIERFERSLACH 2015/2016 FAN SELSKIP "MEI INOAR"

Ledetal augustus 2016: 95
(yn 2015: 99)

De bestjoersgearstalling:

foarsitter: Sybren Westra;
fakatuere sûnt jannewaris 2016
skriuwer: Ida Knobbe-Kramer
pongghâlder: Nieske Schurer
algemien adjunkt/2de skriuwer:
Klaske van Hoeij-de Boer
bestjoerslid: Trieneke Vos

Einredaksje Kritekoer: Ida Knobbe-Kramer

It ferrin fan de Krite-aktiviteiten

It kritejier is op **16 oktober 2015** út ein set mei de Algemiene Ledegearkomste yn de lytse seal fan de Noorderlichttsjerke; opkomst 22 leden, ynklusyf bestjoer.

Nei de gearkomste wie de flier foar Jaap en Gooitske Bakker mei it programma 'Swalkje troch Fryslân'. Bysûndere dia's, prachtige ferhalen en fan en ta in liet. In moai programma.

Op **28 novimber 2015** (46 minsken) kaam 'De lytse komeedzje' út Drachten mei it toanielstik "Mâle Jan is werom". Ingrediënten: Wichelroedes, in korrupte wethâlder, in rapmûlige postrinster, in tûke dochter/speurnoas, in ferhaal mei in goede ôfrin, koartsein: in tige noflike en slagge jûn.

Op **16 jannewaris 2016** (32 minsken) holden wy ús nijjiersjûn. It bestjoer hie it stampôtbuffet besteld by trêteur Witteveen út Seist, dat efterôf besjoen net hielendal foldie oan ús ferwachtingen.

Albert Postma út Lelystêd soarge tuskentoch en nei it miel foar de muzikale

en literêre noaten, mei Silvia Joustra op de akkordeon en Fred van Zoelen op de gitaar- en dat hat ús tige foldien.

Op **13 febrewaris 2016** (29 minsken) in filmjûn yn de lytse seal. In fergees kopke kofje of tee mei oranjekoeke om mei te begjinnen en dêrnei waard de dvd "Jameimy" fan Klaasje Postma en Freark Smink fertoand. In sterk en meislepend ferhaal. Der waard tige meilibbe en oan 'e ein klonk in fertsjinnene applaus.

Op snein **21 febrewaris 2016** wie der wer in Fryske oekumenyske tsjerke-tsjinst yn de Mennistetsjerke te Seist. Dûmny Yko van der Goot gong foar. De opkomst wie prima. Yn 2017 sil der opnij in Fryske tsjinst organisearre wurde.

Op **5 maart 2016** (25 minsken) wienen de trûbadoers Bauke van der Woude & Campbell Forbes bei ús. Wie miskien de reden foar de net sa bêste opkomst, dat se alris bei ús west wienen? It wie dochs in gesellige jûn.

Op **2 april 2016** (107). De slútjûn fan de beide krite wie yn Figi, Seist, mei de produksje 'Feteranen' fan Pier 21. In ynkringend ferhaal fan twa feteranen mei in ferskillende eftergrûn, dy't yn de rin fan de tiid nei elkoar tagroeie, emoasjes diele, elkoar helpe. Freark Smink en Joop Wittermans, wier twa aktearkannonnen. It wie in prachtige jûn.

De Kritekoer

De Kritekoer kaam yn 2015/2016 seis kear út. De kosten (print- en ferstjoerskosten) wurde nei rato betelle fan de beide Krite. De redaksje is yn hannen

SELSKIP “MEI INOAR”

administraasje neisjoen en kreas yn oarder befûn. Utsteld wurdt om it bestjoer en de ponghâlder te ûntlêstgjen. De ledegearkomste ûntlêstet it bestjoer en de ponghâlder mei hantsjeklap.

**09. Beneamen fan de rekkenopnim-
mers 2015/2016**

Ta rekkenopnimers wurde beneamd frou Boukje Andringa en Peter Petersen. Reserve: Wim Oosterman.

10. Ferslach sosjale kommisje

De foarsitter fan de sosjale kommisje, Boukje Andringa is ôfwêzich. Dêrom lêst de foarsitter it ferslach fan de sosjale kommisje foar. Trieneke Vos ferstjoert in kaart mei lokwinken nei leden dy't 70, 75, 80, 85, 90 jier wurden binne. Nei 90 kriget in lid alle jierren in kaart. Boukje Andringa en Trieneke Vos hawwe besocht: de froulju Haitsma, Polman, Van Emmerik, Nolte en Overmaat en dhr. Sybesma. Se wolle wol mear minsken besykje, mar de tiid fljocht foarby. De famylje Koopman freget om in list mei adressen fan leden yn de omkriten fan Wyk by Duurstede; de list sil troch Ida Knobbe maild wurde.

11. Kritekoer

Gerrita Otten-Onrust seit út namme fan de gearkomste dat de leden tige wiis binne mei de Kritekoer. Boukje Andringa ropt yn har brief de leden op om faker in stikje foar de Kritekoer yn te leverjen. Ida Knobbe wurdt foar har wurk betanke.

14. Bewâld fan it bestjoer

Irma Petersen seit út namme fan de gearkomste dat de leden tige tefreden binne mei it wurk fan it bestjoer. Mei hantsjeklap wurdt it bestjoer betanke foar har krewearjen.

15. Bestjoersferkiezing

Sybren Westra en Klaske van Hoeij binne oan bar fan ôfgean en kinne op 'e nij ynhierd wurde as foarsitter en twadde skriuwer. Hja wurde mei hantsjeklap beneamd.

**16. Besprek fan it winterprogramma
2015/2016**

- Op 28 novimber it toanielstik 'Mâle Jan is werom fan De Lytse Komeedzje út Drachten.

- Op 16 jannewaris de Nijjiersbesite, mei in stampôtmiel en in optreden fan Albert Postma.

- Op 5 maart in muzikale jûn mei Bauke van de Woude en Campbell Forbes.

- Op 2 april it toanielstik 'Feteranen' fan Pier21 yn Figi.

17. Omfregjen

Leden dy't in bûsboekje hawwe wolle, kinne kontakt opnimme mei Nora Koren of mei Jan Roelants, de boekferkeaper fan Utert.

18. Sluten

Om 20:15 oere slút de foarsitter de gearkomste.

Nei de ALG kamen noch twa leden fan Krite Utert om mei de al oanwêzige leden te genietsjen fan it optreden fan Jaap en Gooitske Bakker. Sy songen nijsgjirrige lietsjes oer Fryslân en lieten moaie dia's sjen fan alderhande plakjes yn Fryslân dêr't in ferhaal oer te fertellen wie. Tuskentoch koenen de leden mei ferskate lietsjes meisjonge út de útrikte sjongboekjes.

Ferslach:
Klaske van Hoeij-De Boer

SELSKIP FRYSLAN



**Moetings- en ynspiraasjedei foar
Friezen om Utens
22 oktober 2016, Hurderwyk**

It Frysk Boun om Utens hie de tradysje dat om de twa jier in **Kaderwykein** organisearre waard

op Fredeshiem by Stienwyk.

Kaderwykein: it wurd seit it eins al – it wie bedoeld foar it kader – de bestjoersleden fan de Fryske krite yn Nederlân. De tiden feroarje lykwols, dat wit men. Op de lêste Algemiene Gearkomste is der wiidweidich oer praat. It bestjoer wol graach sa folle mooglik Friezen om Utens by ús aktiviteiten belûke. Dêrom is **Plan23** op de planken kaam. Foar it bestjoer fan It Boun reden om mei **dit plan** al dy Friezen om Utens, dy't der noch wol binne, mar net mear by in krite oansluten binne, doch de kâns te bieden op 'e hichte te bliuwen fan it Krite en Bounslibben. Se kinne as e-mailstiper ferbûn bliuwe mei It FBoU.

Yn de lêsthouden Algemiene Gearkomste yn Hoarn begjin april is de ôfspraak makke om it Kaderwykein in nije foarm en ynhâld te jaan: it wurdt no in **Moetings- en Ynspiraasjedei** en dan foar alle Friezen om Utens. Yn gearwurking mei de Fryske Krite “Meiinoar Ien” fan Hurderwyk en omkriten is der keazen foar dizze lokaasje – kreas yn 't sintrum fan it lân. De jûns soarget de krite foar it programma : it teaterduo **Jan Arents en Marijke Geertsma** komme om harren teaterfoarstelling “**It Jubileum**” op te fieren.

It programma foar dy dei:

09.30 oere: Untfangst

10.00 oere: Wolkom troch de foarsitter fan It Frysk Boun om Utens, dhr. Hâns Dijk

10.15 oere: Ynlieding troch **dr. Alex M. J. Riemersma** fan Frjentsjer oer **de posysje fan de Fryske taal as minderheidstaal yn Europa**. Riemersma is Lektor Frysk en Meartaligens yn it ûnderwiis en op fieding, ferbûn oan Stenden en NHL hegeskoalle yn Ljouwert. Nei syn ynlieding is der romte foar petear en fragen.

12.30 oere: Skoft – tiid foar de lunch

13.30 oere: Ynlieding troch Jan Arents en Marijke Geertsma oer **it Frysk teater- en toaniellibben – hat it noch takomst? Foaral nijsgjirrich foar elkenien dy't nocht en wille hat oan teater, kabaret en toaniel**.

Der is romte foar petear en fragen.

16.00 oere: Sluten fan it deisprogramma.

Jûnsprogramma:

De doarren fan “de Kiekmure” binne om 19.00 oere iepen.

Om 19.30 oere wurdt de jûn iepene en dan is it oan **Jan Arents en Marijke**

Geertsma om harren “**Jubileum**” op ‘e planken te bringen.

Der is in ferlotting en nei ôfrin fan de teaterfoarstelling is de trekking.

Yntree: foar leden fan krite Hurderwyk: € 10,=; foar alle oaren: € 15,=.

Leden fan alle krite binne wolkom.

Opjaan: Om genôch sealromte te regeljen wolle wy graach op ‘e tiid witte op hoefolle minsken wy rekkenje kinne – jou dêrom **foar 1 oktober** fia de mail troch oan de skriuwer fan it FBoU (skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl) mei hoefolle minsken jo nei Hurderwyk komme wolle en oft jo komme foar de hiele dei, foar oerdeis of foar de jûn.

Foar it programma oerdeis kinne jo yn de Kiekmure in lunch foar € 11,50 krije;

oare kosten foar oerdeis binne op it stuit noch net dúdlik.

Nei 1 oktober krije alle ynskriuwers in befêstiging tastjoerd – dan is fêst wol dúdlik wat de totale kosten foar dy dei binne.

Wannear: 22 oktober 2016

Wêr: multifunksjoneel Sintrum “de Kiekmure”

Tesselschadelaan 1

3842 GA Harderwijk

**Hja en wy**

In hûs om yn te wenjen

alle dagen sêd

klean genôch om oan te lûken

en altyd wer dat waarme bêd.

Lit ús de rikens diele

yn wurden, mei de died

helpe oer grinzen hinne

makket jinsels en oaren bliid.

Libjend yn ‘e mienskip

libjend neist elkoar

wêr ha wy ‘t oan fertsjinne

wêrom ha wy safolle foar?

Wieke de Boer-Hiemstra

FERSLACH FAN DE ALGEMIENE LEDEGEARKOMSTE
FAN SELSKIP "MEI INOAR" OP 16 OKTOBER 2015
YN DE NOORDERLICHT TSJERKE TE SEIST

Oanwêzich: 22 leden, dêrfan 2 eareleden en 4 bestjoersleden

01. Iepenjen en fêststellen wurklist

Foarsitter Sybren Westra iepenet de gearkomste om 19:35 oere mei in wurd fan wolkom, spesjaal oan de twa oanwêzige eareleden, Janke Amersfoort en Hanne Roosma.

De wurklist wurdt goedkard.

02. Neitins ferstoarnen

Der binne yn it ôfrûne kritejier 6 leden ferstoarn: frou Maaïke de Vries, 22.12.2014, 89 jier; dhr.H.Lautenbach, 15.02.2015, 85 jier; dhr.Wiger Visser, 21.03.2015, 77 jier; frou Sytske de Jong, 04.06.2015, 67 jier; frou S.van der Kraats, 01.09.2015, 92 jier; frou Baukje Goijer, 03.10.2015, 87 jier. De ferstoarne leden wurde steande troch de gearkomste betocht.

03. Ynkomen stikken en meidielingen

Der is berjocht fan behindering ûntfongen fan Boukje Andringa, Nora Koren, Syds Haarsma, Trieneke Vos, Jantina Visser en Ans Beijers.

04. Ferslach Algemiene gearkomste fan 10 oktober 2014

It ferslach stiet op side 12–14 fan de Kritekoer. It ferslach wurdt goedkard, mei tank oan Klaske van Hoeij.

05. Jierferslach 2014-2015

It jierferslach stiet op side 14–16 fan de Kritekoer.

It ferslach wurdt goedkard, mei tank oan Ida Knobbe

06. Jierrekken 2014-2015

It finansjeel ferslach wurdt op de gear-

komste útrikt.

It finansjeel jier is op 31 augustus ôfsluten mei in negatyf saldo fan € 642.19.

De yntreejilden wienen leger as begrutte, omdat minder leden nei de kritejûnen komme. De koekeferkeap wie leger as oars, omdat der mar op twa jûnen oranjekoeke ferkocht is. De jierrekken wurdt goedkard mei tank oan de ponghâlder.

07. Fêststellen fan de begrutting en de kontribúsje

De kontribúsje bliuwt itselde as yn it ôfrûne jier (€ 15,= de man).

De foar 2015 begrutte bedraggen binne oer it generaal wat leger as ferline jier, fanwegen it tebekrinnende ledetal. Gerita Otten-Onrust merkt op dat de begrutte ynkomen foar oranjekoeke te heech is yn ferhâlding ta de begrutte kosten. It bestjoer seit ta dit nei te rekkenjen.

Boukje Andringa hat skriftlik frege om foar de sosjale kommisje € 100 op de begrutting te setten.

De foarsitter merkt op dat it tekoart takom jier noch wol heger wurde kin, omdat wy Pier21 ynhiere hawwe mei it stik ‘Feteranen’. Dat is in hiel moaie foarstelling, dy’t yn Figi opfierd wurdt. Irma Petersen merkt op dat ek mei de gearkomste ôfpraat wie dat it bestjoer safolle mooglik goede foarstellingen ynhiere soe. Wy hoopje fansels op in folle seal en gjin tekoart. De begrutting wurdt goedkard, rekkene mei twa oanpassingen.

08. Ferslach fan de rekkenopnimers 2014/2015

De rekkenopnimers Nora Koren en Boukje Andringa hawwe de finansjele

SELSKIP "MEI INOAR"

Oprjochte op 20 desimber 1928.

It ferieningsjier rint fan 01-09 oant en mei 31-08. Opsizzing foar 01-08.

Kosten lidmaatskip: € 15,- de man; foar bankgegevens: sjoch lêste side.

ALGEMIENE LEDEGEARKOMSTE

Utnûging foar de *Algemiene Ledegearkomste* fan Selskip "Mei Inoar" op sneon 15 oktober 2016 om 19.30 oere yn de lytse seal fan de Noorderlichttsjerke, Bergweg 92B yn Seist.

WURKLIST

1. Iepenjen
2. Neitins ferstoarnen (frou Ytje v.d. Witte út Seist, 101 jier; frou Sjoukje Haitma út Seist, 84 jier).
3. Ynkomen stikken / Meidielings
4. Ferslach Algemiene Ledegearkomste 16 oktober 2015
5. Jierferslach 2015/2016
6. Jierrekken 2015/2016 fan de ponghâlder (*wurdt útrikt; wa't de stikken earder yn 'e hûs hawwe wol, kin kontakt opnimme mei Nieske Schurer, 030-2251447 (nschurer@casema.nl)*)
7. Fêststellen fan de begrutting 2016/2017
8. Ferslach fan de rekkenopnimbers 2015/2016
9. Beneamen fan de rekkenopnimbers 2016/2017
10. Ferslach sosjale kommisje
11. Kritekoer
12. Bewâld fan it bestjoer
13. Bestjoersferkiezing
14. Besprek fan it winterprogramma 2016/2017
15. Omfreegjen en sluten

ad 13) Oan bar fan ôfgean is Nieske Schurer, ponghâlder. Sy is ree om har foar in nije perioade ferkiesber te stellen.

Sûnt jannewaris 2016 is ús krite sûnder foarsitter. Hooplik komt dêr ynkoarten feroaring yn, trochdat ien fan ús leden him/har ferkiesber stelt.

Nije kandidaten foar in bestjoersfunksje kinne ien wike foar de datum fan de gearkomste oantsjinne wurde by de skriuwer.


**SELSKIP FRYSLAN****DE AANWINST**

Stichting Alde Fryske Tsjerken

Verloren gewaande bijbel komt thuis

Gerhard Bakker is in zijn nopjes. Vijftien jaar geleden werd ingebroken in het kantoor van zijn Stichting Alde Fryske Tsjerken te Leeuwarden, die 46 kerken in Friesland beheert. Een geldkistje werd ontvreemd, en twee bijzondere kanselbijbels. Een daarvan is nu teruggevonden, en werd vorige week door de politie afgeleverd in Leeuwarden.

En dat is niet zo maar een bijbel, maar een rijk met zilverwerk versierde kanselbijbel, uitgegeven in 1714 te Dordrecht, in bezit van de kerk te Britsum, en destijds voor 10.000 gulden verzekerd. "Er was in die periode een golf van kerkdiefstallen. Omdat kerken lastig te beveiligen zijn, lagen deze bijbels in het kantoor", vertelt stichtingsdirecteur Bakker. Er werd aangifte gedaan, de bijbel kwam terecht in het politiesysteem van ontvreemde kunst, maar er werd nooit meer wat vernomen. Totdat een oplettende tipgever de bijbel aantrof in een veilingcatalogus. Het Alkmaarse veilinghuis weigerde in eerste instantie af te zien van de verkoop. Na inmenging van een advocaat nam de recherche de bijbel in beslag, en stelde vast dat het inderdaad die authentieke Britsummer bijbel was. "De man die hem ter veiling had aangeboden, verklaarde dat zijn overleden vader hem tien jaar geleden had gekocht. Het bonnetje is niet gevonden." De officier van justitie verzocht de betrokkenen tot een schikking te komen; over het akkoord wil Bakker verder niet uitweiden. De bijbel zal niet terugkeren op de kansel, zegt Bakker. "Door krimp en kerkfusie wordt er weinig meer gepreekt in onze kerken. Hij is nu veilig opgeborgen, maar het Fries Museum neemt hem mogelijk in bruikleen. De bijbel is ooit aan de kerk van Britsum geschonken door de families Burmania en Van Eysinga, wier familiewapens in het zilver zijn gegraveerd. Gemme Laes van Burmania en Foeck van Eysinga woonden in Britsum." Het Fries Museum heeft een portret van dit echtpaar, en had zelf een bod op de veiling willen uitbrengen. "Het zou natuurlijk prachtig zijn als die bijbel bij het echtpaar te bezichtigen is."

**Joris Belgers**

Trouw: Dinsdag 30 augustus 2016



**It bestjoer fan SELSKIP FRYSLAN te Utert
nûget jimme út foar de
feestlike jûn
op sneon 8 oktober**

Op 24 jannewaris 2016 bestie Krite Fryslân 115 jier.
In feit dêr't wy fansels omtinken oan jaan!
Wy dogge dit mei in buffet en in fleurich programma.

Programma

17.00 oere: Ynrin mei in drankje
18.15 oere: Oanfang Hollânsk buffet, mei sop foarôf
Oanslutend: it muzikale duo Myla.

Datum: Sneon 8 oktober 2016
Plak: Lokaasje De Bijnkershoeke, woonzorgcentrum,
Van Bijnkershoeke 250, Utrecht
Hoe let: Fan 17.00 oere ôf
Kosten: Foar it iten, drankjes en programma € 12,50;
foar oanmelding: sjoch side 4

SELSKIP 'MEI INOAR' TE SEIST

nûget har leden út foar in twadielich program.

1. Algemeine Ledegearkomste (19.30-20.15 oere). De stikken foar de ALG fine jo yn dizze Kritekoer; de finansjele stikken wurde útrikt;
2. fan 20.30 oere ôf krijt ferhaleferteller en skipper Age Veldboom it wurd - en binne leden fan bûtenkrite ek fan herte wolkom.



Age hie op 'e souder fan de sylskoalle 'Anage' in grutte kolleksje mei âlde skûtsjematerialen sammele. It idee wie om dit ris yn in museum út te stellen.

En dat idee hat hy wiermakke. Hy is de inisjator en oprjochter fan it Skûtsjemuseum te Earnewâld. Hy is bekend mei de histoarje fan de skûtsjes as gjin oar en draacht it respektfol út. Neist it feit dat de inisjatyfnimmer neist idealist en skûtsjegek ek foar de klasse stien hat, is noch altyd te merken oan syn driuw ta útlizzen en fertellen. "De âlde ferhalen fan de skûtsjeskippers moatte bewarre bleaun en trochferteld wurde".



Age Veldboom, ferhaleferteller en skipper op it skûtsje 'De Swanneblom', komt net inkeld mei nijsgjirrige ferhalen, mar ek mei spullen út it museum én.....hy nimt syn lûkpûde mei.

Wy sjogge der nei út en jimme dochs ek?!

Net stinne, mar derhinne

Datum: sneon 15 oktober 2016
Plak: Noorderlichttsjerke (lytse seal), Bergweg 92B, Seist
Oanfang: 19.30 oere
Yntree: gjin.
→ Foar it twadde diel fan de jûn binne kriteleden dy't net lid binne fan Seist **fan herte wolkom** en betelje € 5,= ynlis.

N.B.: wês op 'e tiid foar it twadde diel fan de jûn!